

## Ensafh nr. 2, 2019

### Ynhâld

Redaksjoneel

Cornelis van der Wal  
*De Tsjokke Tsjêbbe*

Margreet de Jong  
*Tekening*

Henk van der Veer  
*Sneker sòrch*  
*Beut*

Ruerd Smaling  
*By tsjuster*

Pieter Postma  
*It perspektyf fan in miggelarve*

Anne Feddema  
*Stekmich en ik*

Baukje Zijlstra  
*Fleur*

Oene Spoelstra  
*Pak my! Lês my!*

Mads Mygind  
de sinne is fuort  
wytriuwe in tillefyzje troch de stêd  
dat wat men seit is júst seit de jonge yn 'e bus  
de partijlieders bediskusjearje de meast resinte....

Tomas Dalgaard  
*Ofwiisd by de pearelpoarte*  
*Sonet duet*

John Bosma  
*Yntins en fluwielsêft*

Nyk de Vries  
*Koffe en koeke*

Gerrit de Vries  
*donorhert*

Marije Roorda  
*Swarte gloed*

Hidde Boersma  
*In eigen sin*

Lomme Schokker  
*In beaken foar de takomst*

Geart van der Meer  
*De sabeare(?) autonomy fan in tekst*

## Redaksjoneel

### POËZY

Yn dit nûmer stiet moai wat poëzy, bygelyks dy yn it Snitsers fan 'e hân fan Henk van der Veer en út it Deensk troch Geert Tigchelaar oersetten gedichten en it fêste proazagedicht fan Nyk de Vries. In tal rigels út de oare gedichten: 'mar hy sit al op in eigen stoel' (Hidde Boersma), 'swiersoer fielnear / befret bekrûpt beswolget my' (Ruerd Smaling), 'Fanút swiet swit / Sliepstân opsteansprong/ Yn in hjitteweachsimmer' (Anne Feddema), 'myn hert is in gleone waarmtepomp' (Gerrit de Vries), 'jierliks de garibaldi fan in karmaster' (Marije Roorda).

### *It poëtysk oeuvre fan Tsjêbbe Hettinga*

Cornelis van der Wal hat him bûgd oer *It faderpaard*, de twatalige (Frysk en Nederlânsk) bondel mei alle poëzy fan Tsjêbbe Hettinga. Syn bewûndering moat it by einsluten ôflizze tsjin de beswieren dy't er hat.

### RELYFERHALEN

Yn dit nûmer stiet in artikel oer in bysûnder ûnderwerp. Oene Spoelstra behannelet dêryn de priiswinnende koarte ferhalen fan de Rely Jorritmapriisfraach fan de ôfrûne fiif jier en oan de hân dêrfan it sjenre koart ferhaal. Hy skriuwt: 'Dêr lizze se dan en ik wol der wat mei. Wêrom en wat dan? Ik wit it werklik net. Is it in soarte fan begrutsjen om't it koarte ferhaal yn petearen en by kritisy meast op it twadde plak komt? Of is it in reisaventoer sûnder bestimming foarôf? Ik tink dat it mear in syktocht is om te achterheljen wat fierder noch achter de ferhalen lizze kinne soe. It sykjen nei in oare werklikheid yn en achter de fertelde wrâlden. Mar ek om foar mysels mear klearrichheid te krijen oer wat de grinzen – as dy der binne – en de mooglikheden fan it koarte ferhaal binne.'

### PROAZA

Fan Baukje Zijlstra is in ferhaal opnommen. Oene Spoelstra besprekt yn syn stik ek oer in ferhaal fan har.

Lang om let publisearret Ensafh ek in besprek fan Willem Verf syn roman *It sinfol bestean*. It is fan de hân fan Lomme Schokker, fan wa't troch Oene Spoelstra ek in ferhaal behannele wurdt.

### OBE POSTMA EN DE AUTONOMY FAN DE TEKST

De poëzy fan Postma wurdt in sterk filosofysk elemint oan taskreaun. Yn hoefier is dat terjochte? Hoe moat men dêr mei oan? Mei dat tema wrakselet Geart van der Meer al jierren. Yn syn artikel yn dit nûmer hâldt er him dêr nochris wer mei dwaande en dat nei oanlieding fan resinsjes en reaksjes op syn part fan it twillingboek *It libben dat bloeide nei syn aard*, dêr't it oare part fan skreaun is troch Tineke Steenmeijer-Wielinga. En dat liedt him ta de fraach nei de sabeare? autonomy fan de tekst? Hy bringt dêrby ek it gedicht 'Lêste blink' fan Pieter Jelles Troelstra en it fyfde diel út it strykkwartet opus 130 fan Beethoven.